

## Ik bin wiis mei dy

*tekst en muzyk: Geartsje Douma*

D                    A7                    D                    *sprekstim*

Ik bin wiis mei dy, krijst in tút fan my.      *pw, pw, pw.*  
 (op it ritme 3 kear mei de hân  
 in tútsje nei de oare tasmitie).

- 2 Ik bin lik op dy,  
krijst in klap fan my:  
*klap, klap, klap.*  
(op it ritme 3 kear de hinnen tsjininoar oan klappe).
  - 3 Hast fertriet? Kom gau,  
'k fei dyn triennen ôf: (sprek út: ou)  
*aai, aai, aai.*  
(op it ritme 3 kear de oare oer it wang aaie).
  - 4 Ik bin bang foar dy,  
ik ferstopje my!  
*Sst, sst, sst.*  
(ien ferstoppet him en de oare siket him op).

### Suggestions:

- By de earste 3 ferskes yn twatallen neistinoar of foarinoar oer sitte.